

Pûlen-yn-de-pot

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 110 3

1^e printinge 2018

© 2018, Sjieuwe Borger

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Til: 058 - 289 48 57

www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân.

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Pûlen-yn-de-pot

Sjieuwe Borger



Rinascimento

Richie gong tusken de lege en heallege flessen op de tafel stean. Sybren en de oaren seagen nei him op.

‘Jan hat my frege om de honneurs waar te nimmen as praeses, omdat er by in oare ôfspraak wêze moast. Tige wolkom, Sybren, op de earste byienkomst fan de hearejierklub Phyllis nei dyn reis,’ sei Richie. ‘Wy hawwe dy mist. Ik hoopje datst Marja wat ferjitte kinnen hast yn Toskane. Spitich dat John der net by wêze kin. Hy is nei noch súdliker oarden tein. Wolkom ek Ljudger as yntrodusee, moai dat wy dyn ark liene meie.’ Richie wiisde op de arkbak. ‘Hawar, wat stiet ús hjir te dwaan? Wy wolle jûn ús fisitekaartsje ôfjaan. Wy brekke de boel hjir ôf en as útsetter blaze wy it appartemint op. Arjan nimt alles op, dêr baalt er fan, hy hie leaver aktyf meidien. Lykwols, ien moat it dwaan. Dan hawwe wy ús content om op de Kroech sjen te litten en winne wy ús in prominint plak boppe dy fan Brainward, dy’t neamd wurdt as Kroechkommisje. Mei ús opname twinge wy har fan dat plak. Mannen, los!’

Rolf dûkte op de arkbak en naam mei in brede earmslach it brekizer op. Flessen kletteren yn diggels op de betonnen flier.

‘Dat wie ik net fan doel,’ sei er. Hy lake fluensk.

Under de tafel leine fersille noch folle mear flessen en lege sjijsferpakkingen. Der stiene boarden mei itensresten yn mear of minder fiergeande steat fan ûntbining. Rolf ferdwûn yn ien fan de sliepkeamers en die de doar efter him ta. Dêrnei joegen de boppeste knieren kreakjend wjerstân, mar om ’e nocht. Stadichoan sakke de doar út de foegen om mei in klap

yn de gong te fallen. Richie ûntwykte him krekt, wylst er út de koken kaam. Mei in gniis stapte Rolf de gong yn.

‘Ik hie dy warskôge, Richie. Sa diene wy dat op it ynternaat.’

‘No, ik rin dy net wer foar de fuotten,’ sei Richie.

Yn in oare keamer klonk in stomp lûd, mei in swier foarwerp waard tsjin in muorre slein. Tegels brieken. Yn de portyk waard in motor opstart. Ien draaide it gaspedaal omheech dat it jankte.

‘Timber,’ kaam in heldere stim efter de doar út de portyk wei, dêr’t in piipjend krassen te hearren waard.

‘Ofstân bewarje,’ rôp Richie. Richie sprate de earms út en hâlde Arjan en Rolf efter him.

Sybren kaam der benijd op ta.

Bartele en Gearten bleaune foar it byldskerm sitten. Under it ferwulft fan in kelder dy’t as timpel ynrjochte wie, bedreaune manlju en froulju yn ferskate stantsjes de leafde. De kamera sûmde altemets yn op it bettere wurk.

‘Jezus,’ sei Bartele. ‘Sjochst dy tattoos by dat frommis, dat is dochs net normaal. Wat stiet der?’

‘Ofstân hâlde,’ werhelle Richie. It krassen op de doar gong oer yn in leger lûd, net liker as hie it hâldfêst fûn. Ynienen ferskynden de tosken fan in keattingseage troch in grutter wurdend gat yn de doar. Elkenien swijde fan bewûndering. De keattingseage beweegde swier hinne en wer, oant RobbertPaul de holle troch it gat stekke koe.

‘Here’s Robby.’

‘Hee Robby,’ joelen se. ‘Tsjong, dat komt der effen yn. Wolst in pot bier, RobbertPaul?’

‘Earst dien wurk meitsje,’ sei er. Hy loek de holle werom en seage de iepening sa grut dat er der trochhinne stappe koe.

‘Hijr hast in fleske, Robbert.’ Richie ûntfong him mei it krat bier. ‘Stiet it der op, Arjan?’

‘Hearlik, it swit stiet my op ’e rêch,’ sei RobbertPaul.

‘Jimme ek, jonges.’ Richie gong om mei it krat. Earst effen caterje en dan kinne wy wer fierder.’

Ut de gong kaam Ljudger deroan.

‘Hast ek noch ien foar my?’

‘Wat hiesto dan tocht, dat ik dy oerslaan soe?’ sei Richie en hy smiet Ljudger in fleske ta.

‘Myn arkbak moat aanst mei de hiele ynhâld mei werom,’ sei Ljudger. ‘Ik betelje de baas der wyks in bedrach foar.’

‘Komt goed, komt goed.’ Richie dronk syn fleske yn ien kear leech en soalde it fûl tsjin de muorre neist de tillefyzje.

Gearten seach koart op.

‘Moat ik it ek noch lûder sette,’ sei er.

‘Mar dy lûden binne dochs fier oer de mjitte,’ sei Arjan. ‘Dit wol ik net lije, salang’t ik it hjir foar it sizzen haw.’

Hy rûn nei de teevee, tilde him boppe de macht en smiet him yn de hoeke fan de keamer.

‘Sa doch ik dat hjir, fize pornofyl.’

‘It is goed mei dy, ik moat noch in paper skriuwe,’ sei Gearten. Hy kaam oerein en winske elkenien goejûn.

‘Ik gean ek,’ sei Barteale.

Sybren begûn flessen tsjin de muorre stikken te smiten. Ljudger kaam triomfantlik út de koken mei de waskmasinetrommel yn de hannen.

‘It is my slagge,’ sei er bliid. Hy tilde de trommel boppe de macht. Der sakke oerlangsum in slymrige donkere massa út, dy’t op syn skouders lizzen bleau. Hy seach der feralterearre nei.

‘Haha,’ lake Richie. ‘Dy ha ’k krekt farsk lein. Ik hâlde it net mear út.’

‘Jasses,’ kokhalze Ljudger. Sy laken him allegearre út.

Koarre skeat Ljudger mei in bôge út de mûle. Doe loek er beret it boesgroentsje út en ferdwûn yn de wc. Hy sopke it

boesgroentsje lang yn it fonteintsje. Flessen kletsten tsjin de wc-doar en de muorren fan de keamer. Doe't er sawat klear wie foel it stil en stapte Rolf de wc yn mei in brekizer. Ljudger strûpte it wiete boesgroen oan. Der kaam in helsk kabaal út de wenkeamer. Mei Rolf wurke er de doar út de hingsels, dêrnei de wc-pot en it fonteintsje. Sy soalden alles op de flier. Yn 'e hûs hong net in doar mear teplak. Alle finsterbanken wiene tegel foar tegel ôfbrutsen, de meubels alhiel teslein. By de doar nei it portyk stiene de oaren yn de jas te wachtsjen.

'Mannen, wy hawwe sawat dien wurk makke,' sei Richie. 'Wy geane as in spear út 'e hûs. It moaiste komt noch en dan linea rectum nei de soasjeteit. Sy wachtsje dêr op ús.'

'Ik moat it gas noch ôfslute,' sei Arjan út de meterkast wei. 'Klear.'

'Elkenien derút, no, fluch,' sei Richie. 'Sammelje by it krúspunt by de Kanaalstrjitte.'

Sy stoarmen de treppen del. Richie die it stek foar it portyk ticht. Doe draafde er harren nei.

Op it krúspunt seach Richie op syn horloazje.

'Goed dat de buorlju al ferhuze wiene, sjoch mar ris.' Hy wiisde op it kompleks dêr't Arjan en hy in jier lang antykreak wenne hiene. Sy wachten, it like in ivichheid, doe't de ûntploffing kaam. De ruten sprongen mei krêft út de sponningen en rikosjearren tsjin de gevels fan de oerlizzende huzen op de strjitklinkerts. Rinkeljend foelen harren stikken glês foar de fuotten.

'Wat in knal, man. Dat hie ik net ferwachte,' jûchheide Richie. 'Sis dat al,' sei Arjan. 'Ik haw it fjoerwurk der moai op stean!' 'Nondeju, wat wie dat?' frege Rolf. Hy seach kjel nei de glinsterjende skurden.

'Wy moatte avensearje,' sei Richie. 'Flinterbommen!' Dy knal

galmet noch jierren nei. As se dit op de soasjeteit fernimme, dan kinne se net om ús hinne. Brainward kin it wol skodzje as kroechkommisje.’

‘Ik fyn it oars ferrekte ûnferantwurdlik om dêrfoar in appartemint op te blazen,’ raasde Rolf tsjin Richie.

‘Wat makket it dy út. It kompleks giet moandei tsjin de flakte, gjin hoanne dy’t der nei kraait as der in rút mear of minder yn sit. Der wie gjin inkeld gefaar, it wie folslein legaal.’

‘Dan is it noch hieltiten net ferantwurde, gefaar of net. Tink dy ris yn, dat ...’

‘Tink dy ris yn? Hiest net komme moatten ast sa prinsepeal tsjin in stunt bist. Wa stie foaroan mei it izer om de doarren út de hingsels te wrotten? Moraalridder.’

Sybren kloppe Richie op ’e rêch. Hy hie de mûle wiid iepen mar krige gjin wurd oer de lippen.

‘Wat is der man,’ brocht Richie út. Hy sloech Sybren op it skouder.

‘Ljudger, wêr is Ljudger?’ sei Sybren heas.

Ljudger wie der net. Ferslein seagen de mannen fan de jierklub inoar oan.

‘Is er mei Bartele meigongen?’ frege Richie.

‘Nee, dy fytste nei hûs mei Gearten,’ sei Sybren.

‘Ik haw Ljudger net mear sjoen doe’t wy de portyk út wiene,’ sei Rolf. Hy seach Richie yngeand oan.

Sy seagen inoar in hoart lang op en del oan. As ien man kamen se yn beweging. Earst noch stadich oant Richie kleardernôch de gefolgen oertoch hie, besleat dat it dochs gjin ferskil makke en in sprint begûn te lûken. De oaren sieten yn syn sok en efter de pûst kamen se oan by it portyk. Tusken lege sjipspûden siet Ljudger op de trep wêzenleas foar him út te stoarjen. De doar fan it appartemint hong heal

yn it portyk. Ljudger hâlde syn arkbak fêst op de skurte, as widze er in bern. Triennen biggelen him oer de wangen. Hy sloech de eagen op. Syn noas wie licht skaafd.

‘Ik nim dy arkbak wol fan dy oer,’ sei Richie. Hy bûgde him nei Ljudger oer. Hy moast roppe om him de bak út hannen te nimmen. Hy sette him op de grûn del.

‘Kom yn myn earms,’ sei er. ‘Wat bin ik bliid dat wy dy fûn hawwe, man. Wat hasto my skrikke litten, juh.’ Hy sloech de earms om Ljudger hinne en begûn op him om te tútsjen. ‘De doar sloech derút, goed dat der al in gat yn siet. Ik gong troch de skok omfier. Ik wie in hoart út de tiid en bin doe dochs omheech gongen. Wolst net leauwe, wat in gaos, mar hy stie der noch, neist de doar,’ sei Ljudger. Hy lake optein troch de triennen hinne. De mannen begûnen ferromme te laitsjen.

‘It brekizer siet der net yn, dat lei yn de koken.’

Rolf seach ferheard op, RobbertPaul liet syn keattingseageâlje.

‘Ik haw dy bak sawat ôfbetelle, witste. Hjir op de stoepe besefte ik wat in gelok ik hân haw.’ Hy stiek in sigaret op. ‘Dêrtroch waard it my wat oermânsk.’

‘Moai, Ljudger, pak dy op, dan krigest in pot bier fan my. Do bist myn held,’ sei Richie. Hy woe Ljudger fannijs oankrûpe mar Ljudger warde him ôf.

‘Tanke, ik bring myn ark leaver earst feilich yn de auto.’

‘Wy moatte no echt nei de Kroech,’ sei Arjan, hy lei Richie in earm op it skouder.

‘Ik rin mei jim op,’ sei Rolf dy’t harren efterop kaam. Hy krige Ljudger syn arkbak op.

‘Wy sjogge jim aanst,’ rôp Richie harren nei.

‘Myn oprjochte ûntskuldigen foar dat brekizer,’ sei Rolf.

‘Fansels, ik hie de arkbak moarn ek ophelje kind, mar ja ik hie him sawat lyk,’ sei Ljudger. Hy snokkere. ‘Nim my net kwea ôf, ik bin it net wend om my sa gean te litten.’ Sy rûnen troch en seine neat. Om fierrens bearde it gûlen fan de keattingseage.

Ljudger helle de wykeintas út de kofferbak fan syn wein dy’t foar it studintehûs stie. Sybren gong harren foar. Troch de mienskiplike romte kamen se yn de koken. De faam hie te himmeljen west. De bewenners, dy’t yn it wykein nei it âlderlik hûs ôfsetten, koene de moandeis wer skjûn oan in nije wike begjinne.

‘Wêr wolst dyn arkbak hawwe?’ frege Rolf.

‘Yn Sybren syn keamer, ik nim gjin inkeld risiko mear,’ sei er. Hy ferdwûn yn de badkeamer. Hy kaam werom yn wolken fan rûkersguod. Hy hie in skjûn boesgroen oan en it hier strak nei efteren kjimd.

‘Lit it feest mar begjinne,’ sei er. Hy makke in fûst en strûpte de mouwen op. Ynienen snokkere er noch in kear.

‘Sjochst der strak út man,’ sei Rolf.

‘Ik haw no Armani op, it boesgroentsje is nammers ek Armani. Haw ik yn Rome kocht,’ sei Ljudger. Hy seach op syn snoadfoan en begûn te tikjen. Hy gong yn de mienskiplike romte sitten.

‘Hoe wie it yn Itaalje, Sybren?’

‘Moai man, John en ik binne tegearre nei Rome flein,’ sei Sybren. ‘Wy hawwe allegearre âldheidkundige dingen besjoen. Moaie froulju ek, folle net genôch. Foar John wie der ek wol wat by, tink ik. Mar hy liet him der net oer út, net oars as oars. Hy hat in problematyske ferhâlding mei syn fel. Dat stiet tusken him en de froulju yn. Ik bin der ek net oer begûn. Yn Itaalje haw ik leard dat John en ik inoar

persoanlik dochts net sa nei binne. Guon dingen kinne wy net beprate. Ik haw der ek in protte oer mysels en de froulju neitocht. Ik hie it nocht der wat fan ôf, nei Marja. Dêr prate ik net oer mei John. Ik fielde my wat iensum mei him dêre, de stúdzje wie belangriker as ús persoanlike bân. Ik wie bliid dat Ljudger kaam. Hy en ik kinne wol oer it frouljusding prate, sis mar. Nei de komst fan Ljudger ûndernamen wy ek folle mear, John rûn hieltiten mar wat op in ôfstantsje efter ús, it wie sneu. Hy stiet sawat op net ien foto.’ Sybren lange syn snoadfoan oer oan Rolf.

‘Sjoch hjir is ien mei ús trijen, yn Volterra by it deademonumint. Hy reagearre frijwat kiezzich doe’t ik dy ingel Abaddon neamde, de ingel fan de ôfgrûn út de Iepenbiering fan syn genamt.’

‘Spitich foar him,’ sei Ljudger. ‘Mar ik haw my tige fermakke. Ik hie dêr in mokkel, Tamara. Dy koe my dochts sobje. Sy gong sels noch troch doe’t ik út it autorútsje koarre. Ik wie slim bang, dêr by dat stedsje mei dy tuorkes. Tamara har freondinne ried en Sybren siet njonken har. Net te leauwen wat wie dy dronken. Wy allegearre nammers, ik sis dy dat Tamara sels noch trochgongen wie mei sûgjen as wy in ûngemak krigen hiene.’

‘En John?’ frege Rolf.

‘Hy lei de hiele dei op it nêst,’ sei Sybren.

‘Te skuorren, tink,’ sei Ljudger. ‘It rûkte dêr net skjin, yn dy hoale.’

‘Hat er dy al in berjocht stjoerd?’

‘Nee, noch net,’ sei Rolf.

Sybren gong foar de spiegel stean en smarde gel yn it hier.

‘Wy geane.’

Yn it plantsoen seagen se om fierrens reek omheech

krinkeljen. It wie sêft foar de tiid fan it jier. Op de treppen om de fivers dronken minsken ûnder it beskûl fan nij grien bier út fleskes. De bôgelampen ûnder it ferwulft fan de rjochtefakulteit sprongen oan doe't se sirenes fan de brânwacht hearden. Sybren krige in sigaret oan fan Ljudger. Sy bleaune stean, stieken de hollen byinoar en jagen de brân deryn. De sirenes wiene der net mear, de brânwacht moast it appartemint berikt hawwe. Hy hearde Ljudger praten oer harren wjerfarren yn Itaalje. Sybren ynhalearre de reek fan de sigaret fernûge yn en tocht werom oan it lêste fearnsjier.

John en hy paken oan it begjin fan de winter beide om mei harrensels. Sybren wie hielendal klear mei de froulju. Hy hie hope dat it wat wurde soe mei Marja oant er har trof yn de kroech dêr't hy mei har ôfpraat hie. Sy stie in kjirl ôf te ljepkjen. Sy fûn Sybren te frijbljuwend, sei sy. Sy wist net wat sy oan him hie, hy dêrfoaroer fûn dat er har genôch blike litten hie wat er foar har fiede. It kaam net yn him op wat er oars dwaan moatten hie. Hy skode har miskening op in fersin, better hie it west om yn te sjen dat der gjin match wie. De ferwachtingen leine te fier út inoar. Hy hie syn langst nei de erkenning fan froulju doe op in leech pitsje sette kinnen. Nettsjinsteande hie er him oan it begjin fan it nij kolleezjejier mei Richie úttjirge yn de jacht op freondinnen foar in jûntsje. Yn dy snuorje kaam it nijs oer in sykte dy't oant dan ta húsdieren trof mar oerslein wie op de minske, in saneamde soönoaze. Hiest de sykte opdien, dan folge ûnferbidlik in pynlike dea, dêr't útstel en pinebestriding it meast mooglike wie. Hy wie bang dat er de sykte skipe hie by ien fan syn dates. Hy makke him slim soargen en lies alle medyske tydskriften yn de universiteitsbiblioteek

op it ûnderwerp nei. Hy hâlde him fêst oan de gefallen dat de sykte as in wûnder ferdwûn wie, lykas yn de midsiuwen doe't net elkenien stoarn wie oan de pest.

Dêrmei wie syn eangst net belune, der kaam noch hyperfentilaasje by. Hy tocht dat er it betwinge koe troch alle jûnen Belgysk bier te drinken. It holp, dat al, ynsafier't er net mear tocht om syn sykheljen. Hy koe him ek folle better op syn lêsoer konsintrearje. Tagelyk besefte er dat drank de oplossing net wie. Hy makke him hieltiten mear soargen oer de oandwaning dy't er opdien hie troch mei elke willige studinte, hartsjes neamde Richie harren, op bêd te krûpen. It slimst wie wol it mokkeltsje dat der útseach as in junky. De maskara klontere har eachteisters oan inoar. Hy koe himsels wol fergrieme dat er it mei har dien hie. Hy dompele himsels ûnder yn selsmeilijen, oant ta him trochkrong dat der neat bard wie omdat er har te fiis fûn om oan te reitsjen en him net omheech krige. Hy spytgnyske derom. Hy dronk en kaam de doar net út. Gong er wol dan klaaide er him hiel waarm mei in sjaal oer mûle en noas en hâlde er ôfstân fan minsken om harren skealike dampen te mijen. Op bêd hie er in trui oan en hy slepte ûnder in dekbêd en twa wollene tekkens. Dweiltrochwiet fan it swit skrille er wekker. Hy wie der wis fan dat er it ûnder de lea hie.

Nei de krystdagen rûn Sybren noch wat kolleezjes, mar it naam him net mear mei. Hy gong op syk nei nije sinjouwing en fûn dy yn de filosofy, benammen Schopenhauer. Net omdat er it beskôge as wierheid. It wiere skûle krekt yn de skientme fan de taal en de tagonklikens fan wat de wiisgear skreaun hie. Hy begûn ek oan in bibelstúdzje, dêr't er in protte fan learde. Hy twifele lykwols oan de suverens fan syn eigen bedoelingen en joech de stúdzje oer. Hy foel werom yn

bierdrinken en twangtinzen oer in betide dea troch in sykte dêr't medysk gjin ferwin op wie.

John sei tsjin Sybren dat er him ôffrege oft de stúdzje rjochten wol in goede kar west hie. It hie him net brocht wat er der fan ferwachte hie. Yn grutte halen bestie de stúdzje út it lêzen fan lapen tekst oangeande regelsjes, de tapassing fan regelsjes en de útlis fan de regelsjes en de tapassing fan de útlis fan regelsjes. In soad ferdjipping siet der net yn, fûn John. John hie dêr gelyk oan, it wie foar him as fjirdejers in iepen doar. Yn it foarstejier hie Sybren him dêrop oanpast. Sybren learde de stof, die tintamen en gong wer fierder mei it kurrikulum. Ferdjipping hie er bûten de stúdzje socht en fûn, net allinnich by syn jierklub dy't er altemets plat en oerflakkich fûn. Ek by it literêr dispút krige er geastlik syn gerak, lêzen wie syn hobby. Sybren hie altiten fan learen hâlden. Hy wurke him gau op ta ien fan de betttere studinten. Sa hie er John kennen leard. Sûnt it earste jier loeken se yn de stúdzje in protte mei-inoar op.

Wylst Sybren syn belangstelling foar froulju helder skine liet wie it net in ûnderwerp fan petear foar John en him. Op ien kear nei. John fernijde Sybren oer in Koerdyske dy't er yn it sikehûs besocht hie. Sy lei dêr om har te ferheljen fan har earste besykjen om harsels te koart te dwaan. Hy woe har wjerhâlde fan in twadde kear. John hâlde út dat se mei him trouwe woe omdat se út 'e hûs woe by har otterdokse famylje wei. Allinnich hy koe har lokkich meitsje, mar it koe net, hy fielde neat foar har. Hy frege oft Sybren soks wol ris hân hie, dat ien út leafde de dea foar kar naam boppe de leafde. It wie in frjemde paradoks. Koart foardat hy en Sybren ôfset wiene nei Itaalje, stie de Koerdyske wer by him foar de doar. John woe har net mear sjen en liet har troch in meibewenner ôfsâltsje. Sybren hie wol troch dat dit foarfal

foar John syn ferhâlding mei de froulju fan grutte betsjutting wie. Dêrnei hiene sy net wer praat hân oer froulju.

Sy hierden in appartemint yn in midsiuwske pleats yn Toskane. In wike letter stie John syn rêding by Sybren yn it hok opslein. Nei in pear dagen Rome setten se ôf nei Casole di Val d'Elsa, dêr't sy tahâlde soene. Ridlikgau wie de hyperfentilaasje ferdwûn. Net elk pyntsje fielde mear as in foarteken fan in slimme sykte en nei twa wiken tocht er der sels net mear oan.

Yn it plakje krigen se al gau kunde oan de jongerein.

John lange by it skûteljen in board oan Sybren oer.

'Ik moast dy noch wat fertelle oer Nykle,' sei John.

'Hy falt op mannen,' sei Sybren.

'Juh, hoe witsto dat?'

'Dat kin jin net ûntkomme, nee grapke juh,' sei Sybren. Hy fielde wat fan spanning efter de eagen.

'It is fansels ek net it earste watst in oar fertelst,' ferfette John. 'Hy frege my om it oan dy troch te jaan.'

'Woe er it sels net sizze? En wêrom wol er it dan no al kwyt? Wie er bang dat ik him útlaitsje soe yn pleats fan him - tsjin better witten yn - de leafde te ferklearjen?'

John swijde ferheard. Hy naam Sybren yngeand op. Wat hie John ferwachte dat Sybren sizze soe, dat er ek homo wie? Der waard wol sein dat in protte wikseljende ferhâldingen mei froulju dêr op wiisde. Wie John ek homo? It gong troch Sybren hinne, mar hy frege it John net.

De dagen dêrnei sieten John en hy as in trouw stel op it terras foar it appartemint, sy swijden. It Toskaansk lânskip lei foar harren. Sy liezen yn de lange stille oeren boeken út de kast fan it appartemint. Sy scrabbelen en dronken jûns swijend chianti. De húswarder brocht har alle dagen

in mei biezen omflochten búkflesse. Sy hellen boadskippen yn Casole en kamen mei harren freonen nei it appartemint werom. Sy ieten en dronken, John prate oer popmuzyk en fuotbal. Dan wie it smûk yn it appartemint, oant harren nije freonen fuortgongen. John ferfoel yn swijen, sy hiene inoar kleardernôch bûten de stúdzje om net safolle te sizzen. As Sybren John goenacht winske wie er faken sa ôfwêzich dat der gjin wurd ôf koe.

Op ien fan dy jûnen yn de opgeande tiid sette Roberta as lêste ôf nei hûs. Sy hie iten sean en Sybren dêrnei wat útlein oer de Italjaanske grammatika.

‘Wat hasto altiten mei dy froulju,’ sei John. ‘No dy Roberta wer.’

‘Roberta? Hoedat? Sy leart my de taal, mear net. En sy kin goed siede, hoe fûnst har biftecca fiorentina?’

‘Hearlik. En ik fyn har hiel moai,’ sei John. ‘Tinkst dat it wat wurde kin mei my?’

‘Wat tinkst sels?’

‘Ik wit it net, hoe pak ik it oan?’

‘Hast dochs wol ris earder wat hân mei in frou?’

John sei neat en seach út it rût dêr’t de sinne toalle.

‘Ast har mar net ôfhâldst fan myn taallessen,’ sei Sybren.

‘Besikest it mar mei har. Mar ik warskôgje dy, kwets har net. Sy is fiersten te leaf. En oer besite sprutsen, Ljudger is ûnderweis, appt er.’

‘Salang’t er my net yn de wei sit, is it my bêst,’ sei John. Sybren koe sjen dat er it net miende.

Roberta en Sybren rieden nei Poggibonsi om Ljudger fan it stasjon te heljen. Underweis fertelde sy dat sy John syn avânses fuort ôfwimpele hie. Sy fûn him net oantreklik ek

al seach er der foar oare froulju faaks goed út. Sy sette har Fiat neist de dyk en sloech in earm om syn hals. Sy bekende Sybren har leafde en frege him om har te tútsjen. Hy woe der eins net oan tajaan. Hy woe har net op 'e tok hâlde en har mei earbied behannelje. Hy sette it krêft by troch har te freegjen oft se it earst net útmeitsje moast mei har paracadutista by de loftmacht. Dêr soe se nea op yngean, tocht er, mar sy griep him fêst en brocht har mûle op sines. Hy fielde har tonge yn syn mûle en woe har fan him ôftriuwe, mar hy beäntwurde him dochs. Hy hie de hertstocht mist en dy wakkere Roberta oan, mar it besef remme him tagelyk ôf. Hy hie syn eigen swak stee ûntdutsen. Hy woe himsels earst goed fiele en dan pas tajaan oan syn ynderlike stribjen. Hy woe him net mear stjoere litte troch syn fielen oer wat in frou by him losmakke. Hy woe net mear ôfhinklik wêze fan de gritsen fan in frou, dy't winliken syn eigen waarden as er der oan tajoech. Hy woe in maklike ferhâlding, mei in maklike frou sûnder te folle drokte. De tút wie hearlik en like ûneinich te duorjen.

‘Moatst neat fan my ferwachtsje,’ sei er. ‘Ik wol net samar wer in ferhâlding begjinne. Mei hokker frou ek, al hjit se Rihanna of Kim Kardashian.’

‘Ik meitsje it út mei myn man,’ sei sy. Roberta pakte har snoadfoan.

Sybren feroare net ûnder it drigemint. Sy die har snoadfoan werom yn har taske. It makke har der net minder fleurich om. Lûd song se mei de radio mei. Op it perron fan Poggibonsi liet se merkbite dat se net ûnder de yndruk wie fan Ljudger. Hy tute op har om as wie sy syn faam. Sy liet Ljudger gewurde en socht Sybren syn eagen. Sybren kearde de holle ôf, it wie him slagge sterker te wêzen as syn lusten.

Sybren en Ljudger stapten út by it appartemint. Roberta hie Pino d'Angio mei *Ma quale idea* op de radio. Sy ried toeterjend fuort. John seach prot op fan 'e snijplanke en groete harren binnensmûlsk. Ljudger joech John in klap op it skouder en rôp dat er yn de badkeamer wie.

Sybren sette it wetter op en liet de spaghetti deryn gliidzje doe't it kôke. Ljudger ferskynde frisk skeard yn wolken fan Armani by it oanrjocht. Hy stiek in sigaret oan. Hy joech John ien, hy naam oan, al koe der gjin wurd ôf. Ljudger helle de snoadfoan foar it ljocht. Sy smookten trijeresom.

'Sjoch, dat bin ik mei de stewardessen yn it fleantúch,' sei Ljudger. 'Sjochst dy, dy ljochte, dy hat my dochs in pear skonken en in kont. Sy is machtich.'

John snúfde. Hy sette boarden op tafel. Ljudger gong neist Sybren stean en fage oer it skerm.

'Dat is yndie in grut ûnthjit,' sei Sybren. It gong troch him hinne dat er it sei om John te nytsjen.

'Ik haw in date mei har. As ik werom bin, gean ik nei har ta. Sy hat in appartemint yn Haadterp.'

Nei de komst fan Ljudger ûntloek John him oan de omgong mei harren, hy kaam der alle dagen letter ôf en hy gong der betiid op. Sa miste er de maitiid dy't him stadichoan ûntjoech en de útstapkes fan Sybren en Ljudger, dy't yn Casole al gau de bynamme 'bestia bionda' krige. De brek tusken Sybren en John wie net te hieljen wurden.

Ljudger en Sybren slepten de lêste nacht yn in snústerich pinsjontsje by Termini yn Rome. John benachte tusken swalkers en yllegalen yn in kartonnen doaze.

'Ma profession, c'est le vol,' sei ien fan de Afrikanen tsjin John, doe't Sybren mei him fûstke. De man seach him

drôgjend út de eachshoeken oan. De eagen draaiden sa dat allinne it wyt noch te sjen wie. Hy foel om op de doaze fan John.

‘Fais attention à ma maison, mon ami,’ rôp John. Hy reage de man fansiden.

‘Ik gean nei Tuneesje, Sybren. Myn freonen riede it my. It waar is der altiten goed.’ Hy ynhalearre de smook fan syn joint en liet him yn it rûn gean.

Sybren moast glimkje no’t er der oan weromtocht.

‘Nije wike gean ik nei Haadterp,’ hearde er Ljudger út in dizige fierte tsjin Rolf sizzen.

‘Wat hasto foar wille, Sybren!’ raasde Rolf. Sy staptten de steatlike treppen fan de feriening op en kamen yn de moarmeren gong. Ut de soasjeteit kaam in ferskuorrend leven.

‘Ik mimere effen fuort, Termini. Witste Rolf, Ik bin benijd oft John al te plak is. Hy reizge oer Sisylje,’ raasde Sybren nei Rolf.

Der waarden jierlieten ophelle dy’t jin hearren en sjen fergean lieten, noch foardat se de doar iepene hiene.

‘Itaalje hat my goed dien, Toskane wie in nij begjin foar my. Foar John wie it net wat er socht,’ sei er mar it waard wei yn it lawaai.